Hwa binne dy manlju?

„Riis Foarút"

Hwat is nou Riis? Der stiet gjin skoalle en der is ek gjin tsjerke. Geastlik kinne de lju der dus har gerak net krije. Foar de deaden is der gjin plak, hwant in tsjerkhôf is der net. In strjitforljochting is der ek net, dat fan in doarp kin mar min praet wurde as men de stikmannich pleatsen, hwat arbeiderswenten en de wenningen fan de nearingdwaenden sjocht, fral ek omt dy noch al hwat forspraet lizze. Der wenje in 350 lju en it doarp is pas goed tsien jier âld.

Likegoed hat it al hiel lang in goede bikendheit yn hiele Fryslân en ek dêrbûten en dat lêste net allinne, omt hûnderten en jitris hûnderten bern nije krêft opdien hawwe yn it fakânsjehûs „Mooi Gaasterland" fan de KAB. Der komme by't simmerdei ek noch al hwat gasten út oare dielen fan Nederlân útfanhûs en dan rôlje der by it autobusfol selskippen Riis binnen. Net om it doarpke to biwûnderjen, mar om to genietsjen fan de natûr en ek wol om wille to meitsjen yn de útspanningen, dy't wer in gefolch binne fan it feit, dat de lju al lang de loop nei Riis hawwe. It wurdt der de lêste jierren noch drokker, fral ek troch it krewearjen fan „Riis Foarút".

Oft it jonge doarp dan al in foriening fan doarpsbilang hat? It liket der al op, mar it is mar in kommisje fan sawn man, dy't nou al goed tolve jier lang alle war docht om sa folle mooglik to bitinken, dat lju nei Riis ta lôket. Dus bilanghawwenden, dy't fortsjinje oan in soad flecht op 'e koai?

Hynoftenei net. J. Draaijer is boer to Mirns en C. Feenstra is tûnker to Riis, wylst D. Feenstra — deselde fan, mar gjin famylje — smid yn Riis is. H. Haitjema is boer to Mirns en dan hawwe der fierders noch sit yn de kommisje Tj. Mulder, boer; L. Schaap, hinnehâlder en M. de Vries, boer, alle trije to Riis. Mirns en Riis binne tagelyk as selsstannige doarpen ôfskaet fan Bakhuzen, mar hwat „Riis Foarút" oangiet binne hja ien.

Tominsten dizze sawn man, dy't der foar soargje, dat der ienris yn de fjirtsjin dagen in film to Riis draeit; dat der mei Himelfeartsdei in muzyk- en sangkonkours is en op Pinkstermoandei wer in oare aktiviteit. De kommisje hellet muzyk- en toanielselskippen nei Riis, hja jowt in fjûrwurk en sa út en troch wurdt der ek in beurs organisearre.

De lânboubeurs fan okkerdeis hat tige to lijen hawn ûnder it goede waer, hwant dêrtroch binne de boeren net kommen. It waerd in strop en dat moatte de sawn man mar sjen to bistuiverjen, hwant hja wurde fan gjinien stipe. Lokkigernôch hawwe de festiviteiten mei de hjeldagen wol út kind, dat bot folle pine yn it liif hawwe hja net. Tominster fan't jier net, hwant troch min waer hat forline jier in tokoart oplevere fan in fjouwer tûzen goune, dat de mannen mar út eigen beurs hiene by to passen.

As der winst makke wurdt, suverje de sawn man earst it tokoart wer oan, mar fan hwat der dan oerbliuwt is gjin sint foar harren. Fan de oerskotten binne in tinte en stuoltsjes koft, Mirns hat in bydrage foar de klokkestoel krige en fierders binne goede doelen stipe, lyk as de kankerbistriding en foar de help oan it Frysk Orkest hat de kommisje ek it gouden fioeltsje hawn. Der wurdt nou garre om de gemeente in fiks dofke to jaen boppe de trije tûzen goune, dy't elk jier oan formeitsbilêsting ôfdroegen wurde. Hope wurdt, dat de gemeente mei dat jild in strjitforljochting yn Riis oanlizze sil.

Net om de Riisters sels yn it foarste plak, mar foar de gasten. As it jouns by ús hwat forljochte is, komme der grif noch mear minsken, seit de kommisje. Om mear folk nei Riis to lûken is it har to dwaen. Dat slagget mar skoan. It doarp wurdt der better fan; hjasels net, hwant lju dy't ienris yn de fjirtsjin dagen gear komme en dan de eigen fortarring bitelje, witte net fan nimmen, allinne mar fan jaen en fan sokken hat de maetskippij forlet!

It bistjûr fan „Riis Foarút" fan lofts nei rjochts: D. Feenstra, Tj. Mulder, L. Schaap, C. Feenstra, M. de Vries.